

## **Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde**

**Kenmerk van de vraag** : 21-23  
**Datum indienen vraag** : 8 oktober 2021  
**Naam vraagsteller** : Hr. IJ. van Kammen  
**Portefeuillehouder** : Hr. M. de Haan  
**Ambtenaar** : Hr. J. Zeemans  
**Datum akkoord college** :  
**Zaaknummer** :

### **Underwerp**

Fytspaad Droegehamstermieden

### **Ynlieding**

Yn maart 2018 stienen wethâlder Spoelstra en âld-wethâlder Antuma yn de krante mei de meidieling dat der yn de Droegehamstermieden in rekreatyf fytspaad kaam. Fan de Tillewei ôf lâns de Hegebult en troch de Hamstermieden nei de Kromelle. Dit fytspaad wie ûnderdiel fan it ynrjochtingsplan foar de Hamstermieden en de finansiering wie ek al rûn. It plan soe yn útfiering gean nei fêststelling troch DS Fryslân. De ferwachting wie dat dit barre soe yn 2020.

Yn 2019 binne foar it trasee al beammen ôfseage en strûken snoeid. Oant safier it ferline.

We binne no hast 4 jier fierder en der is noch gjin fytspaad te bekennen yn de Hamstermieden.

De FNP hat dêroer dan ek de folgjende fragen:

### **Fragen**

1. Is dit plan yn 2020 fêststeld troch DS Fryslân?
2. Sa ja, is alle nedige grûn al oankocht?
3. As dit net it gefal is, wêr heakket it dan op?
4. As net alle nedige grûn oankocht wurde kin, wurdt der dan ek sjoen nei in alternatyf trasee?
5. Hat der mei dejingen dy't de grûn wol beskikber steld hawwe ek oerlis west oer in mooglik nij trasee?
6. Wurdt der troch it kolleezje wol genôch druk op set om dit plan slagje te litten?
7. Binne der ek ferslaggen fan de oerlizzen fan de lêste 4 jier?

## Reaksje kolleezje

1. Is dit plan yn 2020 fêststeld troch DS Fryslân?  
A: It plan "De Mieden op syn moaist" is op 15 desimber 2020 fêststeld troch DS. Dat is it plan op haadlinen oer de folsleine Mieden. Mei it fêststellen fan dat plan is it mooglik wurden grûntransaksjes te dwaan. Oan it ynrjochtingsplan wurdt noch wurke; it ynrjochtingsplan foar de Droegehamstermieden-noard is dus noch net fêststeld.
2. Sa ja, is alle nedige grûn al oankocht?  
A: Nee. Op it stuit is in unôfhinklik adviseur yn opdracht fan provinsje Fryslân en gemeente Achtkarspelen yn petear mei de eigners fan it lân op it trasee van it fytspaad lâns de Hamsterfeart nei de Kromelle.
3. As dit net it gefal is, wêr heakket it dan op?  
A: De kavelruilpetearen fan it gebiet de Mieden binne oan de gong. Der hawwe yn it ferline petearen west mei inkele eigners dy't lân ha by de Hamsterfeart lâns en oan it ûnferhurd paad "Heechhout". Mei inkele eigners is gjin oerienstemming berikt. Mei dizze eigners wurdt ynkoarten op 'en nij praat.
4. As net alle nedige grûn oankocht wurde kin, wurdt der dan ek sjoen nei in alternatyf trasee?  
A: Der is sjoen nei alternative trasees.  
It grutste probleem is de oanwêzigens fan persliedingen fan it wetterskip dy't noch net ôfskreaun binne.  
Der is in plan makke dat útgiet fan it sa lang mooglik brûken fan dy liedingen. Resint wurdt lykwols dochs wer tocht om de liedingen te ferfangen en te ferlizzen. Dat hat gefolgen foar de folsleine gebietsynrjochting. Sa lang dêr gjin hurde ôfspraken oer binne, sil Steatboskbehear gjin tastimming ferliene om oer har gerjochtichheid (parten fan) it winske fytspaad te meitsjen.
5. Hat der mei dejingen dy't de grûn wol beskikber steld hawwe ek oerlis west oer in mooglik nij trasee?  
A: Sjoch 3.
6. Wurdt der troch it kolleezje wol genôch druk op set om dit plan slagje te litten?  
A: Wy trune alle kearen oan op fuortgong fan it projekt. Wy hawwe ek besocht om alfêst it earste part (it al rom makke trasée oer de Hege Bulten) te realisearjen.
7. Binne der ek ferslaggen fan de oerlizzen fan de lêste 4 jier?  
A: Ja.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris,

boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong

hr. mr. O.F. Brouwer